

Bijlage HAVO

2026

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

Plan om Fryslân 'it bêste lân fan d' ierde' te meitsjen

It tilt yn Fryslân op fan de inisjativen om de provinsje sûner, moaier en duorsumer te meitsjen. Mar der wurdt te folle wurke yn de eigen bûl, sa fynt in tal Friezen. Se wurkje oan in mienskiplik plan om Fryslân echt 'it bêste lân fan d' ierde' te meitsjen.

- (1) It Fryske Marreprojekt (FMP) dat begjin dizze iuw opsteld is om yn fyftjin jier de wettersportsektor takomstbestindich te meitsjen, is in ynspiraasjeboarne foar de inisjatyfnimmers. "Dat wie in ûnbidich projekt fan 450 miljoen euro dat net allinnich in ympuls joech oan de Fryske
- 5 ekonomy, mar ek groepen út alderhande ûnderdielen ferbûn, fan toerisme oant natuerorganisaasjes", fertelt Bouwe de Boer, duorsumheidsamtner fan de gemeente Ljouwert en foaroanman fan Freonen fan Fossylfrij Fryslân.
- (2) 'Bysûnder Fryslân' is de wurktitel fan it projekt. "'by-' as symboal fan
- 10 biodiversiteit, '-sûn-' ferwiist nei sûnens en '-der' of '-dêr' jout wat fan takomst oan", sa leit De Boer út.
- (3) Wa't allegearre by it earste besprek fan it nije plan belutsen wiene, moat noch mar net nei bûten ta komme, fynt er. Wol sit Generaasje Fryslân 2035 (GF 2035) by de tafel, in klup fan sa'n hûndert *young*
- 15 *professionals*¹⁾ dy't him ynset foar in duorsum Fryslân. Sy skreaune koartlyn yn in manifest op wêr't Fryslân yn 2035 stean moat wat griene enerzjy, sûnens, natuer en sûn iten oanbelanget. "It binne hiel ferskillende tema's, mar se hingje al mei-inoar gear", jout Talitha Souverein fan GF 2035 oan.
- 20 (4) Om dy gearhing foar in brede groep dúdlik te meitsjen en sjen te litten hoe't alle problemen dêr't Fryslân de kommende desennia foar stiet safolle mooglik yn relaasje mei-inoar oanpakt wurde kinne, dat is de útdaging, sa fine de inisjatyfnimmers. "Nim no sûnens", seit Chris Borsten, dy't as trainer-yn-oplieding yn Positive Sûnens belutsen is by it inisjatyf.
- 25 "Mei it konsept Positive Sûnens sjocht men hiel breed nei hoe't it mei immen giet. Net allinnich it ûntbrekken fan sykte mar ek saken as bewege, sûn ite en alle dagen fan it bêd komme mei in doel binne fan belang. Mar in sûn Fryslân giet ek oer in sûne boaiem dêr't dat iten ferboud wurdt. It soargjen foar dysels en it soargjen foar in sûne libbensomjouwing kinne
- 30 net sûnder inoar en moatte yn gearhing oanpakt wurde."
- (5) De inisjatyfnimmers tinke dat Fryslân by útstek geskikt is om as transysjefoarbyld tsjinje te kinnen foar de rest fan Nederlân, en miskien wol foar de rest fan de wrâld. Borsten: "Wy moatte fan Fryslân in miny-proeftún meitsje en sjen litte dat it kin."
- 35 (6) Dêr passe wat him oanbelanget out-of-the-boxmaatregels by. Hy heart mei belangstelling oer in idee fan in skriuwer fan in ynstjoerde brief yn *de Volkskrant* dy't de kategory 'biologysk' by griente en fruit ôfskaffe wol. It alternatyf: de kratten griente yn de supermerk neistinoar mei by it iene in

buordsje 'ûnbewurke' en by it oare 'bewurke mei pestisiden en keunst-
40 dong'. "Dat makket foar klanten de kar hiel direkt, al hat men der al mei te
krijen dat 'biologysk' in beskermde kategory is."

(7) En de ynfloed fan GF 2035 rikt neffens Souverein fierder as allinnich
de GF 2035-aginda op himsels. "In soad fan ús, hast mear as hûndert
leden fan *young professionals*, binne ek belutsen by politike partijen of op
45 oare plakken yn organisaasjes dêr't se ynfloed útoefenje kinne. Dêrom
komme wy no al byinoar."

(8) "Mar wêrom soe de provinsje sûn iten net goedkeaper meitsje kinne?",
follet De Boer oan. "Dan moatte wy net daliks wize nei lanlike regels dy't
dat ferbiede, mar ek sjen nei hoe't wy dat yn Fryslân regelje kinne. Kinst
50 fan alles betinke om sûne produkten oantreklik te meitsjen en de bewust-
wurding by de minsken grutter te meitsjen."

(9) "Al moatte wy de marketingkrêft fan de itensyndustry en fan
McDonald's en Kentucky Fried Chicken (KFC) net ûnderskatte", sa war-
skôget Borsten. "Dêr kinne húsdokters net tsjin op. En bewustwurding
55 liedt yn in soad gefallen net ta oar gedrach. Dat moat út dysels komme.
Der binne legio minsken dy't trochsmoke wylst se witte dat it net goed foar
harren is."

(10) It hinne-en-wertennisjen fan arguminten yn allinnich al it petear oer
sûnens jout in protte aspekten fan dy transysje oan. Dochs sjogge de
60 inisjatyfnimmers kânsen genôch. De Boer: "Der gebeure no al in hiel soad
moaie en goede dingen yn Fryslân. Griene enerzjyprojekten, dielauto's,
bloeisônes. En der binne genôch boeren dy't sûnder krêftfoer en
keunstdong wurkje. Dy moatte wy folle faker yn it sintsje sette."

(11) "Al dy goede foarbylden bewize dat it kin", follet Souverein oan. "Der
65 is yn de Fryske mienskip in groep dy't it belang fan in langetermynfyzje
ynsjocht en him foar in sûne provinsje ynsette wol." Dy transysje kin dus
liede ta in moaie takomst, mar soarget tagelyk foar in soad spanningen en
tsjinstellingen, beseft it trijetal. "By in oergong nei in oar soarte ekonomy
en maatskippij binne der altyd ek ferliezers", stimt De Boer mei. "En krekt
70 dy groepen moatte it útsjoch krije dat sy op termyn ek baat hawwe by
feroarings; dat it in winkend perspektyf is."

(12) It is neffens de inisjatyfnimmers gjin opsje om op de âlde foet fierder
te gean. Dan wurdt de planeet ûnleefber. En wat langer oft der wachte
wurd mei de omslach nei in mienskip binnen de grinzen fan de ierde, wat
75 heger oft de kosten wêze sille. "Provinsje en gemeenten moatte de earmen
no echt om de transysje hinne slaan. It hat wol ekonomyske konsekwinsjes.
Stek dus jild yn ûnderwiis dat by dy omslach oanslút", ferfolget De
Boer.

(13) De hjoeddeistige koälysje yn it Provinsjehûs liket op transysjegebiet
80 net botte ambisjeus, stimme se alle trije mei. Mar dat betsjut neffens
Souverein net dat der neat mooglik is. "De polityk hat beslist wol each foar
de plannen fan GF 2035. Doe't wy ús ferhaal by de Vereniging Friese
Gemeenten (VFG) fertelden, krigen wy in soad positive reaksjes. By in
oantal gemeenten steane ferfolchpetearen pland."

85 **(14)** It Fryske Marreprojekt brocht ek in ympuls dêr't in grutte groep
fuortendaliks ekonomysk fan profitearre. Wat Bysûnder Fryslân opsmyt, is
yn earste ynstânsje miskien minder dúdlik. "Dat is ien fan de saken dy't
wy de kommende tiid boppe wetter helje moatte", seit De Boer mei klam.
Hy pleitet der ek foar om de revenuën út de griene enerzjy-opwekking yn
90 de transysjebeweging te ynvestearjen om de oergong hannen en fuotten
te jaan.

(15) De plannen en ideeën dy't se op it aljemint bringe, klinke al jierren,
jouwe se ta. "Mar der is no al in momentum", tinkt Souverein. "Neffens
transysjeheechlearaar Jan Rotmans sjocht men yn oergongstiden twa
95 tsjinstelde bewegingen dêr't de hjoeddeistige gong fan saken in delgean-
de beweging yn makket en de tsjinbeweging omheech. Wy sitte no yn de
tiid dat beide bewegingen inoar kruse. Dat is in tiid fan gaos en dat sjog-
ge wy no ek op in soad fronten. It advys fan Rotmans is 'slach de earms
om de gaos hinne'. Dêr binne wy no mei dwaande."

Theo Klein, Friesch Dagblad, 27 januari 2024

noot 1 In *young professional* is in jonge wurknimmer (tusken de 18 en 35 jier) dy't krekt in
universitêre of hegerberopsoplieding ôfrûne hat en oan it begjin fan de karriêre stiet.

De talerêder

- (1) Begryp kweke foar lytse taalmienskippen en harren útstjerren besykje foar te kommen – as 29-jierrige hat Dyami Millarson syn missy fûn. Sûnt 2016 set de Ljouwerter him yn foar wat hy ‘lytse Fryske talen’ neamt, lykas it Hylpersk, it East-Skylgersk en it Skiermûntseagersk. Ek it lot fan it
- 5 Wangereachsk fan it Dútsk-Fryske eilân Wangereach lûkt er him oan, ek al wurdt dat net mear praat. “Dy mienskip is de bân mei syn woartels kwyd en ik wol graach helpe dy wer hiel te meitsjen.” Hy stalt wurdboeken gear, skriuwt columns en tekenet libbensferhalen fan praters op: “Ik sjoch mysels as in talerêder.”
- 10 (2) Dy rol leit net foar de hân op basis fan syn foarskiednis. Hy is it âldste bern fan in húshâlding en der wurdt op de basisskoalle by him dysleksy fêststeld. Hy rekket efterop by syn leeftiidsgenoatsjes en dêr hie er ek al hast gjin kontakt mei. “Ik siet foaral yn myn eigen wrâldsje, boarte meastentiids allinnich en fiede my net begrepen. Earlik sein wie ik op skoalle
- 15 dea-ûngelokkich.”
- (3) Lêzen hat er earstoan in hekel oan (“omdat it my in soad muoite koste”), mar op de basisskoalle makke er in útsûndering foar benammen trije boeken: de Mearkes fan Grimm, it epos Aeneis en it boek fan de Skandinavyske mytology, de Edda. “Ik fiede my oanlutsen ta dy ferhalen,
- 20 omdat der hiele wrâlden oproppen waarden dêr’t ik my yn weromlûke koe. Dy prikeljen myn fantasy, ik fertelde myn eigen ferhalen oan myn âlden.” Troch syn dysleksy fiede er him boppe-al útdage: “Ik koe der net rjocht oer dat ik net goed lêze koe. It gie my hieltyd mar yn ’e holle om dat ik dat net op my sitte litte moast. Ik hâld net fan opjaan.”
- 25 (4) As er alve jier is, ferdjippet syn belutsenheid by taal him ûnferwachte. Op in nacht ûntnimt in slimme longûntstekking him ynienen de siken. “Ik krige hast gjin lucht mear, dat wy binne nei it sikehûs ta stood. Dêr moast ik oan de beäzeming en haw ik in nacht yn kritike tastân trochbrocht. Wat my steande hold, wie in foarnimmen: as ik dit oerlibje, dan sil ik mysels
- 30 Gryksk en Latyn leare. Ik fiede sterk de needsaak om wat bysûnders mei myn libben te dwaan.” Op syn njoggentjinde, as er mei syn heit yn Ljouwert wennet, spilet syn sûnens op ’e nij op – diskear mei in ferdjipping yn it Frysk as gefolch.
- (5) “Yn it sikehûs krige ik in soad mei it Frysk te meitsjen want de ferpleechsters praten it. Oan dan ta hie ik my foaral mei âlde talen dwaande holden en earlik sein nochal delsjoen op it Frysk as wie it in ûnbelangryk dialekt. Dat is in wurd dat ik no net mear brûk, omdat men dêr wrâlden mei ôfslút dy’t men net ken en dy’t weardefol foar jin wêze kinne. Underwilens sjoch ik it Frysk as in taalfamylje mei tsientallen talen – in wêzentlik
- 40 ferskil mei hoe’t ik der earder tsjinoan seach.”
- (6) “Doe’t de ferpleechsters harren Fryske memmetaal tsjin my praten, begûn ik my hieltyd mear foar harren taal te ynteressearjen. Ik wie yn in geastestastân dy’t makke dat ik dêrfoar iepen stie, ik lei helpleas op bêd.

Se learden my wurd-sjes en fûnen it moai dat ik ynteresse toande. Ik
45 fertelde dat ik my yn âlde talen ferdjippe, en doe leine sy my út hoe âld oft
it Frysk is. Ik waard troch harren taal pakt, ek út tankberens. Ik begûn in
ynsjoch te krijen yn 'e skjintme."

(7) "Foar my biedt it learen en ûndersykjen fan sa'n taal tagong ta in wrâld
dy't ik oan dan ta net koe. Ik sjoch mysels as in taalûndersiker dy't helpt
50 om sa'n taal foar de bûtenwrâld tagonklik te meitsjen. Dat hat wat magysk
foar my. Sa't ik my al jong ta mytologyske ferhalen oanlutsen fiede, sa fiel
ik dat no mei mytologyske eleminten yn in taal. Yn it Klaai- en Wâldfrysk
hast bygelyks ierdmantsjes, ierdgeasten, dy't in wjerspegeling foarmje fan
de praters fan de taal: se binne ûndogensk, fernimstich en hawwe gehei-
55 me kennis. Sa'n ferburgen skat krigest tagong ta fia de taal. Sadwaande
begûn ik ek in gruttere ferbûnens mei it Fryske lânskip te fielen."

(8) "Wûnderbaarlik oan in taal fyn ik ek de tagong ta in oare identiteit. As
ik my útdruk yn ien fan de Fryske talen, bin ik bygelyks amikaler en direk-
ter. Boppedat fiel ik my opnommen yn in mienskip mei oaren, mei wa't ik
60 omgean sa as mei famyljeleden. Geandewei haw ik niget krigen oan
alderhande mienskippen. Ik begûn mei it Klaaifrysk, dêrnei bin ik útkaam
by noch in soad oare farianten, lykas it Hylpersk en it Skiermûntseagersk.
It learproses kostet al tiid, mar ik fyn it tige de muoite wurdich."

(9) "Myn hiel libben haw ik my oars field, ik moast myn eigen wrâld
65 kreëarje om't ik by oaren gjin oansluting hie. Ik tink dat ik wat werom ken
yn mienskippen dy't harren oars fiele en dy't harren mei harren taal yn in
eigen wrâld weromlutsen hawwe. Dy fassinearje my, ik freegje my dan ôf:
hoe fiele sy harren krekt oars, wat hâldt harren dwaande, hoe hâlde se
harren steande? Troch dêr kennis oer te sammeljen, wol ik ynteresse foar
70 dy mienskippen opwekke. Ik hoopje dat bûtensteanders dêr ek de
skjintme fan ynsjen kinne. Om sa in brêgehaad nei de bûtenwrâld ta
meitsje te kinnen, moat ik al earst it fertrouwen fan dy mienskippen winne.
Ik sjoch mysels as in boadskipper, dat sit ek yn myn foarnamme. By de
Noard-Amerikaanske Pueblo-folken betsjut Dyami 'earnfûgel',
75 'boadskipper tusken himel en ierde'."

(10) "Dat soarte fan taalmienskippen is faak hiel sletten, hast gjinien fan
bûten komt deryn. By de Hylpers moast ik in lange wei gean foardat ik
akseptearre waard. De âlderein woe earst beoardielje oft ik harren taal
wol echt prate koe – net allinnich oft ik de wurden en de grammatika koe,
80 mar ek woene se witte wat ik fan harren skiednis en kultuer wist. Dat wie
tige wichtich foar harren. It waard in pittich petear yn it Hylpersk, mar
úteinlik wiene se wol oertsjûge. Op Skiermûntseach krige ik ek sa'n soarte
test."

(11) "Men moat betinke dat se troch de bûtenwrâld faak mei harren taal
85 narre binne. In bern fan in Hylper kriget bygelyks te hearren: jimme heit
praat nuver, hy is mar in boer. Of in soldaat wurdt narre troch oare
soldaten, omdat er Hylpersk praat. Der is faak gjin begryp foar it feit dat
sy yn dy taal grutbrocht binne en dat dy taal dus in soad foar harren
betsjut. Boppedat is Nederlânsk prate faak in grutte ynspanning. As ik
90 harren yn harren eigen taal oansprek, dan fiele se harren thús. Soms

binne se ta triennen rekke, omdat se mei in jonger persoan yn harren eigen taal prate kinne.”

(12) “Wat ik sjoch, is dat krekt troch de mondialisearring en alle oandacht foar it Ingelsk, der ek in tsjinbeweging oan it ûntstean is fan persoanen
95 dy’t harren krekt yn lytse talen weromlûke wolle. Wannear’t der safolle omtinken foar ien grutte taal is, krigest sa’n tsjinreaksje, dat hat men yn de skiednis wol faker sjoen.”

(13) “Lytse taalmienskippen binne net ferdwûn doe’t it Nederlânsk wichtiger waard; it Nederlânsk sil net ferdwine no’t it Ingelsk wichtiger wurdt. Ik
100 bin dus al optimistysk: as it Ingelsk dominanter wurdt, dan krije minsken mear ferlet fan lytse talen. Dêr helpt de technology ek yn mei. Keunstmjittige yntelliginsje sil it makliker meitsje om ek in lytse taal ta jin te nimmen – skielk kinst in lytse taal leare, wannear’t in AI-programma genôch input krigen hat. Oer de hiele wrâld kinne der praters by komme – in freon út
105 Hongkong haw ik Skiermûntseagersk leard.”

(14) “Der binne wol jongeren dy’t it Hylpersk leare wolle, allinnich de stap nei it echt dwaan is grut bin ik gewaar wurden. Se moatte der yn harren libben tiid foar frijmeitsje en harren frij fiele om it te dwaan. Op lettere leeftiid slagget dat gelokkich faker. Posityf is ek dat Museum Hindeloopen
110 ekstra omtinken jaan wol oan de taal. Se wolle dat dy op de kommende generaasjes oerdroegen wurdt en dat past hielendal yn myn strjitsje. Ik wol dêr in bydrage oan leverje troch it meitsjen fan in wurdboek.”

(15) “As ik tink oan sa’n taalmienskip, dan sjoch ik alle gesichten foar my fan de minsken dy’t my ferhalen ferteld hawwe, yn gedachten hear ik wer
115 al harren ferhalen. Wat ik foar harren berikke wolle soe, is fersterking, útwreiding of yn alle gefallen stabilisaasje fan de mienskip. Sy jouwe my safolle mooglik kennis en dy stel ik dêrnei op skrift – dat is lesmateriaal yn de foarm fan wurdboeken, libbensferhalen, proaza en poëzy. Ik bin optimistysk, want der hoecht mar ien jongere te wêzen dy’t by my yn ’e
120 lear giet. Dy kin it dan letter op deselde wize wer trochjaan. Sa giet it by beskate foarmen fan kungfu ek: ien learnmaster dy’t syn hiele kennis op ien learling oerbringt. Sis foaral tsjin my dat it net kin, want dat motivearret my geweldig. Ik bin der wis fan dat it al kin.”

Fokke Obbema, de Volkskrant, 12 april 2024

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.